# DE COMPAGNON



Weekblad voor De Knipe / Redaktieadres: Lutske Dijk, Meijerweg 124a, tel. 88569 / Postadres: Rabobank

# Simon Lantinga, de ferneamde bûksprekker.

Simen Lantinga, de ferneamde bûksprekker út De Knipe, berne yn 1801 yn Menkeweer, of Onderdendam, yn alle gefallen yn Grinslân en yn De Knipe ferstoarn yn 1866. It wie in persoanlikheit, dêr 't net allinnich yn de kontrei dêr 't er opgroeid is en wenne hat oer praat is, mar yn hiel Nederlân.

Simen syn heit hie in hotel en de lytse boi wie, al hiel lyts noch, gauris yn 'e jachtweide. Elkenien mocht graach oer him. Doe't syn mem stoar wied er noch mar fjouwer jier. Hij bleau heite pop, ek doe't syn âldere suster him bememke.

Op skoalle hied er de gek mei master makke elkenien oan't laitsjen en stiek net folle op. Bij syn heit thús fermakke er de minsken troch healwize gesichten te lûken.

Hij koe ek alderhanne stimmen en gelûden neidwaan en makke him ek it bûksprekken eigen. Syn heit woe him in fak leare litte, en omt er fan hynders hold moast er mar sealmakker wurde. Doe't er 18 wie ferstoar syn heit en moast er him sels rêde. Syn baas hie wol troch dat der net in "echte" sealmakker yn siet en sei:"jonge do moast foarstellingen jaen. Sasto de minsken laitsje litte kinst binne der net folle. Faaks dat der in goed stik brea yn sit".

Hij op 'en paad en de earste kear slagge it tige goed. Sûnder folle ophef te meitsjen oer en fan himsels rekke er dochs tige bekend. Der wie in mûnlinge reklame. Syn gûchelderij wie ek bûtengewoan. Hij liet de minsken sjen hoe't er it die, mar gjinien wie sa fingerfluch dat er it neidwaan koe.

Mei in blauwe bûsdoek, in sliepmûtse, en in âlde siden of filten hoed sette er in tweintich typyske personen foar jin del, dêr't fan sein waard: "Hoe krijt er it foarinoar".

Ûnder oaren in Israelyt, Izaak, in kleanmakker, in skork, in swankebast en in frek.

De hoanne dy't prate koe

Lantinga laam ris ,hij in boer op it hiem rinnen en frege: "Boer wolle jo dy hoanne ek ferkeapje?" "Jawol", sei de boer, dy't net wist mei wat foar man er te dwaan hie; "As ik der mar jild gen ôch foar krijo kin."

"Hoefolle moatte jo der dan foar ha?" "Twa gûne".

"No, 't is in moaie hoanne, mar dat is tefolle". "Wat tochten jo dan?"sei de boer.

"Dat wol 'k oan de hoanne oerlitte".

"Wat sizze jo?' Oan de hoanne sels oerlitte?"

"Jawis! Ik sil jo betelje wat de hoanne sels seit, dat er wurdich is."

"Kom,kom, ik hear it al," sei de boer, "jo hawwe de gek der wat mei"

"Nee, wrichtich net boer!" Dêrop bûgde de kunstner him foaroer nei de hoanne en sei:"Hoanne, sis do mij ris heite, hoefolle biste wurdich?"

En mei in bjuster frjemd lûd andere de hoanne:

"Ik bin net mear wurdich as tsien stoeren menear" De boer waard alderfreeslikste kjel; hij tocht dit is gjin goed spul en sei:"Nim jo dy hoanne mar mei menear, ik wol der neat foar ha". Hij tocht: "Wat gauwer dy kearel fan myn hiem is, wat leaver ik it ha. En jild wol'k net fan him barre, want dat koe mij rare parten spylje

(wordt vervolgd) D.Eisma

"Wanneer kwam jij voor het eerst onder de ban van haar schoonheid?"
"Afgelopen najaar, tijdens een gemaskerd bal".

# ADVERTENTIES

**VAN DER WAL**
ELECTRO TECHNISCHE
INSTALLATIES



Woningbouw
Stallenbouw
Industriebouw
Verbouw
Onderhoud
Vakkundige begeleiding
Van de doe-het-zelver

HET MEER 199-HEERENVEEN
tel:24228

---

**BERGMA'S**

COMPLETE WONING INRICHTING

Meyerweg 125 De Knipe

Tel: 05130-88404

Wij leveren uit voorraad
dus altijd voordelig



---

voor Uw

A U T O R IJ L E S

naar

B O V A G R IJ S C H O O L

T.de Jong



Meyerweg 44 De Knipe
Tel.: 05130-88552

---



Voor
TAPIJTEN en
MEUBELS
naar

W O U D S T R A B.V.
Meyerweg 133 De Knipe
Tel: 05130-88455

COMPLETE MEUBELINRICHTING

---

LEES DE DORPSKRANT
Voor giften, donaties en
andere betalingen,
Rabobank de Knipe

rek.nr. 306855550
t.n.v. pen. H.Keuning
met vermelding "Dorpskrant"

giro nr. v/d Bank is 838010

---

SHELL SERVICE STATION W. TALMAN
Meyerweg De Knipe

Alle reparaties- verkoop onderdelen



In- en Verkoop Occasions

Tevens reparaties en tuning cross- en

baansport motoren.

Tel:05130-88482